FFU Feriening Frysk Underwiis

Oansletten by de Ried fan de Fryske Beweging

Korrespondinsjeadres: Th. Dykstra
Hearedyk 9
8735 HN Itens.

Oan it Kolleezje fan Deputearre Steaten
Provinsjehûs
Twibaksmerk 52
8911 LZ LJOUWERT

Underwerp: beneamingseasken ûnderwizend en ûnderwiisstypjend personiel

Ljouwert, 30 juny 2003

Achte kolleezje,

Ut alderlei ûndersikings en rapporten is sa njonkelytsen bekend dat it nivo fan de taalbehearsking fan it Frysk fan fierwei it grutste part fan it ûnderwizend personiel fan de basisskoallen en it spesjaal ûnderwiis fier efterbliuwt by wat it wêze moatte soe. Yn de measte gefallen binne de learkrêften noch (lang) net bekwamernôch om it Frysk ferantwurde oer te dragen oan de kommende generaasjes. De tekoarten lizze benammen op it mêd fan it geef Frysk praten en flot en flaterfrij skriuwen. Eigen observaasjes befêstigje dat frij negative totaalbyld.

It falt ús ek op dat yn de advertinsjes foar learkrêften (fakatueren) net of amper frege wurdt nei of om in foech dêr't út bliken docht dat der kwaliteitseasken steld wurde oan de taalbehearsking. Dat is in tastân dy't oant hjoed de dei ta laat hat ta in slimme foarm fan kultuerpedagogyske ferwaarleazging. Foar de oerdracht fan ús taal is soks tige skealik en op 'en doer deadlik. It liket ús dan ek bûtenwenstich wichtich en ûnûntkomber dat dy easken wol steld wurde en dat soks net oerlitten wurdt oan it frije spul fan de tafallige positive of negative krêften (it laissez faire fan bestjoeren) yn it fjild, want dan strûpt it Frysk der grif ûnder.

Kêst 8 fan it Europeeske hânfêst foar minderheidstalen jout oan dat it in 'aanmerkelijk deel' fan it primêre ûnderwiis (basis- en spesjaal ûnderwiis) yn it Frysk jûn wurde moat. It *fak* Frysk moat goed jûn wurde en it Frysk moat ferantwurde brûkt wurde as *fier- en ynstruksjetaal*. Boppedat moatte der neffens datselde kêst garânsjes komme dat de *skiednis en kultuer* fan Fryslân ûnderwiisd wurdt. Dat freget ek in yngeande kennis en goede feardigens.

Fansels sil der de kommende jierren hiel wat ferbettere wurde moatte oan de learare-opliedings foar it basisûnderwiis om masters en juffers ôf te leverjen dy't in treflike behearsking fan it Frysk hawwe en in foldwaande kennis fan de skiednis en de kultuer, mar dat is net ôfdwaande. It *bewiis fan bekwamens (it foech)* soe ek troch de skoallen (bestjoeren) frege wurde moatte. De needsaaklike ferbettering fan it peil kin allinnich in sukses wurde as de behearsking fan it Frysk (mei in yngeande kennis fan de staverings- en taalregels [de

taalnoarm] en it taaleigen) en foldwaande kennis fan de Fryske skiednis en kultuer in *beneamingseask* wurdt foar de Provinsje Fryslân. Soks sil foar 't neist by wet regele wurde moatte.

Ien en oar sil fan positive gefolgen hawwe dat it besit fan it foech Frysk, en wy geane der fan út dat soks op termyn ek werklik wat foarstelle sil, wichtich wurdt foar de takomstige basisskoallelearaars. Dy sille dan ek earder de tiid en enerzjy dy't it berikken fan in treflik peil freget, opbringe. Ut soarte sille ek gadingmakkers fan bûten de provinsje op in ridlike termyn oan dy easken foldwaan moatte, as se in *fêste* beneaming hawwe wolle. Hjoed de dei wurdt fan harren faak neat ferwachte of wurdt it al foldwaande fûn dat se *sizze* dat se in positive hâlding foar it Frysk oer hawwe of dat se it ferstean kinne of it passyf wol (wat) leare wolle. In foldwaande wer- en/of byskoalling bliuwt der dan meastentiids by. Lykas sein, soks is desastreus foar de kwantiteit en kwaliteit fan de taal- en kultueroerdracht.

Foar de sittende, fêst beneamde learkrêften sil de ynspeksje neigean (kinne) moatte oft dy in foldwaande peil hawwe om oan de easken te foldwaan. De ynspeksje moat de mooglikheid hawwe om it foechhawwend gesach te wizen op ûnfoldwaande saakkundigens op it mêd fan behearsking fan it Frysk fan harren personiel en ôfspraken te meitsjen oer neiskoalling as dat peil ûnfoldwaande is. Dat is in ridlike eask, want learkrêften binne der primêr foar it bern èn de kultuer (learstof) en sadwaande ek foar de Fryske taal en kultuer. Wy geane der derby fan út dat de ynspeksje sels bekwamernôch Fryskkundich is of wurdt om soks oan de hân fan bygelyks in list fan kompetinsjes op dit mêd, beoardielje te kinnen. Yn ús brief fan 26 juny '03 ha wy ús miening oer dizze kwestje jûn.

In goede behearsking fan it Frysk yn al syn fasetten (dus ek it praten en skriuwen) heart neffens ús ek foar *klasse- en/of ûnderwiisassistinten* (middelber beropsnivo) te jilden, omdat dy yn it Frysk mei de learlingen omgean kinne moatte en stipe ferliene kinne moatte oan de ûnderwiislearproses. Dat heart neffens ús ek ta útdrukking te kommen yn de *beneamingseask*.

It bestjoer fan de FFU leit jimme de folgjende útstellen foar:
1. Wy freegje de provinsje as earstferantwurdlike oerheid foar it belied oangeande it Frysk om by it Ryk, dat in grutte meiferantwurdlikens hat, stappen te setten yn de rjochting fan it realisearjen fan in *beneamingseask* foar learkrêften en klasse-/ûnderwiisassistinten yn Fryslân dêr't de behearsking fan it Frysk en foldwaande kennis fan en ynsjoch yn syn skiednis en kultuer in ûnderdiel fan is. Foar it Hollânsk jildt in lyksoartige eask.

2. De provinsje stelt in wurkgroep yn dy't advys jout oer de ynhâld fan it foech Frysk basisûnderwiis. Benammen de kwaliteit fan it foech is wichtich.Dizze spesjale wurkgroep (Plan fan Oanpak , maaie 2002 ,side 30) soe bestean moatte út fertsjintwurdigers fan de beide pabû's yn Fryslân (dosinten taal, pedagogyk, wrâldoriïntaasje en muzyk), it Taalsintrum Frysk fan GCO-Fryslân, in tal saakkundige basisskoallelearkrêften en fertsjintwurdigers fan de skoalbestjoeren fan iepenbier en bysûnder ûnderwiis. Fierder soe der better tafersjoch op de kwaliteit fan it foech Frysk komme moatte.

In ferlykbere wurkgroep fan saakkundigen soe der ek foar de ROC's komme moatte as it giet om de kennis en kunde oangeande de Fryske taal, skiednis en kultuer fan de klasse- of ûnderwiisassistinten. De provinsje soe as earstferantwurdlike foar it taalbelied wer tafersjoch útoefenje kinne moatte op de kwaliteit fan dy aspekten fan it programma.

3. De provinsje iepenet it petear mei provinsjale fertsjintwurdigers fan de bestjoeren fan iepenbier en bysûnder basisûnderwiis yn Fryslân om ta ôfspraken te kommen oer harren beneamingsbelied oangeande de Fryske taal en kultuer.
It is needsaaklik dat de negative spiraal trochbrutsen wurdt dat in tekoart oan saakkundigens fan learkrêften in oarsaak is fan de troch de bank minne kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer. Regel soe dan ek wêze moatte dat learkrêften gjin fêste oanstelling krije kinne salang't hja net yn it besit binne fan it foech. In spesifike taalsituaasje freget om learkrêften mei passende saakkundigens: it op in positive wize fersoargjen fan yntegraal taalûnderwiis.

It bestjoer fan de FFU is ree om ien en oar ta te ljochtsjen.

Mei rju achtinge,

drs. Th. Dykstra,
foarsitter FFU

Ofskriften:
- Prov. Steaten
- Ried fan de Fryske Beweging
- Media: deiblêden FD en LC, Omrop Fryslân
- Konsultatyf Orgaan
- Berie foar it Frysk
- Fryske Keamerleden